

## Kennistrening, fragen 28 maaie 2013



Fryslân en de wrâld,  
Jongfryske Mienskip,  
boereroman, Simke  
Kloosterman,  
Shakespeare, homo.



Boun Jong Fryslân,  
dialektûndersyk,  
grammatika, Jan  
van 'e Gaastmar.

Fragen mei ien stjerke (\*) binne allinne foar de earstejiers. Fragen mei twa stjerkes (\*\*) binne allinne foar de twaddejiers.

Hjirboppe sjochst twa foto's, elk mei in tal stekwurden derby.

1. Hoe hyt de man op 'e linker foto?
2. Hoe hyt de man op 'e rjochter foto?
3. Wêryn ferskilden dizze twa manlju fûneminteel wat harren fisy op de ferhâlding Fryske en Nederlânske literatuer oangiet?

4. Wat wie likernôch it leeftydsferskil tusken de beide mannen?
5. It lêste wurd fan fraach 4 is in meartal fan "man". Hokker meartal hat dat wurd noch mear?
6. Wêrom is "mannen" yn sin fjouwer ek korrekt, wylst dat oars faak net sa is?
7. Hoe hyt de stúdzje fan Fryske dialektgrinzen troch de rjochter man? Op basis wêrfan hat er de dialektgrinzen fêststelle kinnen?
8. Hoe tocht de man links oer it ferfryskjen fan ynternasjonalsmen?
- 9\*. Hokker staveringsflater stiet der yn fraach 6?
- 9\*\*. Da twäär mååns häåwe biise en organisatsjoon for junge frasch apruchted. Hü håte dat tou organisatsjoone?
- 10\*. Hokker kulturele en steatkundige ûntjouwingen hawwe yn de 16de en 17de ieu fan belang west by de standerdisearring fan ûnderskate Europeeske talen?
- 10\*\*. Yn fraach 9\*\* komme ferskillende Noard-Fryske wurden foar foar "twa". Hokker binne dat en wêrom is it net mooglik en wikselje de beide wurden om?
- 11\* Yn fraach 10\*\* komt in IPI foar. Lis út oft dy njonkenskikkend of ûnderskikkend is.
- 11\*\*. Hoe hyt it Frysk fan de 16e/17e ieu neffens de periodisearring fan Jonkman & Versloot?
12. Neam trije dingen dy't karakteristyk binne foar in sonnet.
13. De linker man is opnaam yn de Fryske Kanon 11en30. De rjochter man is dat net. Wat seit dat oer de resepsje fan beiden (Ibsch)?
14. Hoe is te ferklearjen dat yn de perioade 1960-no de ieu yn ûnderskate West-Europeeske talen de kleau tusken de skreaune en de sprutsene taal lytser waard?
15. Jild dat ek foar it Frysk?
16. Hokker stylflater fine wy yn fraach 3?
- 17\*. Neam de skriuwer fan in wichtiche moderne beskriuwing fan de Fryske grammatika.
- 17\*\*. Yn hokker stêd wurde wurdboeken en grammatika's fan it Noard-Frysk makke?
18. Hokker staveringsflater stiet der yn fraach 17\*?
19. Wat is it saaklik foarwerp fan de sin yn fraach 17\*?
- 20\*. Hokker staveringsflater stiet der yn fraach 15?
- 20\*\*. Wat foar wichtige politike feroarings barden der yn Fryslân/Nederlân yn de folgjende jierren? 1498, 1648, 1815, 1997.
21. Beskriuw de rol dy't de twa manlju op 'e foto's seagen foar it Frysk as kultuertaal.
22. Wat binne ynterferinsjes en wat is in mooglike oarsaak fan ynterferinsjes?